

# Het andere, maskerloze gezicht van ‘De Brand’

Johannes Brandsma (61) is bij leven een legende. Friezen zijn anders, maar in België maken ze een halve eeuw na zijn afscheid nog een diepe buiging voor hem. Toch kende de man, die voor het geluk geboren leek, ook zijn donkere dagen.

Edward Jorna

*Johannes, fynst dysels noch altiten de bêste keatser dy't der ea west hat?*

„De bêste allrounder. Fan de lêste fyftich jier kin ik net ien betinke dy't better as ik wie. Dêrfoar kin ik it measte der net oer sizze. Mar doe wiene it nefens my allegear houten klazen.”

*Ik wie de bêste. Soks hearst net te sizzen.*

„Do fregest my wat, ik jou inkelde antwurd. Minsken hawwe dêr in hekel oan. Jo hearre beskieden te wêzen. Dat bin ik ek. Mar net yn dit soarte fan saken.”

Het is Johannes Brandsma ten voeten uit. ‘De Brand’ heeft van z'n hart nooit een moordkuil gemaakt. Maar er is ook een andere Johannes Brandsma. Een Johannes Brandsma die vrijwel niemand kent. De Johannes Brandsma die aldoor piekert, de Johannes Brandsma die soms de last van ‘heel de wereld’ op zijn schouders voelt rusten. De Johannes Brandsma die best wat vaker zijn clownsmasker af zou willen zetten. En dat vervolgens niet doet. En de Johannes Brandsma die het leven moe was. In zijn donkerste dagen, vlak na de scheiding zo'n zes jaar geleden met Janny, stond hij drie, vier keer voor een spoorwegovergang.

„Ik hoegde mar sa te dwaan”, zegt hij, terwijl hij zich vanuit zijn fauteuil nog voren buigt. „Wêrom't ik it net die? De bern.”

## Wat vooraf ging

Aanleiding van het gesprek is het slot van het kaatsseizoen. Zondag is de Oldehovepartij in Leeuwarden, de traditionele afsluiter. Als vaste bezoeker van vrijwel alle heren hoofdklassenwedstrijden (‘Ik mis net mear as twa wedstriden’) kan Brandsma, bij leven een legende, als geen ander een oordeel vellen over het seizoen.

Ik weet, Brandsma kan afkeurende kritiek uitoefenen over het niveau van de hedendaagse kaatsers en over de toekomst van de sport. Niets mis mee. En toch doet juist die wetenschap me aarzelen om met hem om tafel te gaan zitten. Ik heb geen zin mijn tijd kwijt te spelen met verhalen over ‘vroeger was alles beter’. Wat ik ook weet: Johannes Brandsma laat nooit een vraag onbeantwoord. En hij wil meedenken over hoe het het allemaal beter zou kunnen.

Drie dagen voor het interview appt hij. Of hij mag weten waar we het zoal over gaan hebben. Het verbaast me. Zo adrem, altijd, en dan toch vooraf willen weten waar ik het over wil hebben. Is hij onzeker? Wil hij perse iets niet kwijt. Of juist wel?

‘Over jezelf’, app ik terug.

## De scheiding

„Ik hie mei Sake en Piet Jetze nei België west. Wy wiene dy sneins net iens sa gekke let thús. Janny siet op de bank en frege: ‘Hoe was het?’ Janny is Yndysk, dat sadwaande praten wy thús Hollânsk tsjin inoar en tsjin de bern. ‘Gezellig als altijd’, sei ik. „Je kent het wel. We worden elk jaar beter.”

‘Ik heb ook een nieuwtje. Ik ga weg.’

‘Oké’, sei ik. ‘En de volgende grap is?’

‘Nee, echt waar. Ik ga weg.’

„Achternei kinst sizze, it siet al langer net goed. Wy wiene folslein útinoar groeid. Mar dy sneins kaam it boadskip foar my as in tongerslach. Wy wiene de ferkearingstiid meiteld 33 jier byinoar en 25 jier trouw. As je trouwe is it net de bedoeling dat je skieden gean. Ik woe der ek net oan. Fansels, sa as elk hiene wy wolris wat, mar oer it generaal hiene wy it goed.”

„Ik ha in jier de stille hoop hân dat it goed komme soe. Mar dat kaam it net. Wy libben as broer en sus, wat in hel. Wy hiene 33 jier alles mei inoar

**Ik ha altiten sein: minsken dy't depressyf binne stelle har oan. Mar ik bin der wol achter kaam dat it gjin oanstellerij is**

dield en no doarde ik net iens njonken har te rinnen. De lêste twa jier dat wy noch byinoar ûnder ien dak libben, ha ik op de bank sliept. Nei de tiid sis ik: ik woe doe al slim depressyf. Ik seach it my oan. Hoe komt it mei Janny, hoe komt it mei mysels? Mar ik wie fansels fierste eigenwiis en gean nei de dokter.”

„En doe gie se fuort. Dêr siet ik allinnich yn dat grutte hûs. Gjin wurk, dat alle tiid om de prakkesearjen. Dat kin ik goed, sûnt myn bernetiid al. ‘De Brand’ de swiere kant it neist? Net in soad minsken sille it leauwe kinne.

Mar it is wol sa. Ik koe der lykwols altiten goed mei omgean, miende ik. Mar yn dy tiid net. Yn it earste jier nei de skeiding ried ik alle dagen nei Harns by Janny del. Ik sei tsjin de bern: ‘Het komt niet goed met haar.’ ‘Nee Johannes’, sei Bianca, de dochter. ‘Het komt niet goed met jou’.”

„Se hie gelyk. Trije, fjouwer kear ha ik yn dy tiid hjir yn de omkriten omriden mei de gedachte om der in ein oan te meitsjen. Wat hie it libben noch fan sin? Ik hie foar de trein springe wollen. Ik wie teloarsteld yn it libben, mar foaral teloarsteld yn mysels. Ik joech mysels de skuld fan de skieding. Sa'n leaf famke as Janny koe dat dochts net sûnder reden dwaan? Ik hie te faak fuort west, te faak dronken west. Sa tocht ik. En alles kaam binnen. Ik koe net mear logysk neitinke.”

„Ik ha altiten sein: minsken dy't depressyf binne stelle har oan. Mar ik bin der wol achter kaam dat it gjin oanstellerij is. It is net bêst. Ik fûn minsken dy't harsels tekoart dienen ek laf. Mar wat moatte sokken ek lef hawwe. Laf. Laf. Ien letterke ferskil.”

„Lang om let bedarre ik dochts by de dokter. Ik krige anti-depressiva mei. Seis wiken ha ik dy pillen slikt. Doe trof ik ‘Janny trije’, Janny van der Meer. Sy hat my it libben rêden. Sy hie ek in skieding efter de rêch, se wist wat ik fiele. Ferskil wie dat sy net depressyf wie. Wy hawwe praten, praten en nochris praten. Ik hie ien fûn dy't my begriep. En stadichoan gie it better.”

„Net in soad minsken kenne myn ferhaal. Mar ik fyn it net slim om it te fertellen. It hat even sa west. Klear. Dat meie minsken bêst witte. Achternei sizze je: it wie totaal healwiis gedrach. Mar sa kin it dus rinne yn it libben. It komt my ek net wer oer. Janny trije hat fjouwer moanne ferlyn de ferkearing útmakke. Se kaam hjir op 2 maaie en sei: ‘Ik hâld dermei op’. Ik ha gjin reden krigen en soe dy wol graach hearre wolle. Mar ik wit wol dit: ik sakje net wer sa djip.”

## De clown

Het kaatsen zorgde in de zwartste jaren van zijn leven voor afleiding. „Op it keatsfjild koe ik wer de clown úthingje sa't minsken my koene. Dan gie it wol. Op it keatsfjild hingest dyn ferhaal lykwols net oan de grutte klok. Mar dan kaam ik wer fan it kaatsen thús en wie der net ien. It earste heal jier ha ik libbe op wat bôle en in útsmi-



Johannes Brandsma anno 2019: „Ik ha fierhinne west, mar ik wit seker dat it safier noait wer komme sille. Ik hâld fan it libben.” Foto: Henk Bootsma

ter. Ik wie sa meager as in latte. Ik fiele de my widner. It iennichste fer-skil wie dat Janny der noch wie.”

„Oft ik it der net mei freonen oer hie? Wat binne freonen. Sake en Piet Jetze binnen freonen. En Dirk Wiersma, dy't al in maat fan my wie foardat ik in bekend keatser wie. Sy seagen fansels ek wol dat it net goed mei my gie. By Sake en Piet Jetze hoegde ik de clown net út te hingen. Wy hawwe it ek wol oer de skieding hân, benammen mei Piet. Dan wie it fan: ‘De kop derfoar Johannes!’ Mar ek sy hawwe noait witten hoe djip ik siet. Wistst wat

it is: ik bin der de man net nei om oare minsken lestich te fallen.”

„Der binne mear minsken dy't lykas ik in rol yn it libben spylje. By my wie it lykwols wol reedlik ekstrem, om sa mar te sizzen. Ik makke my sargen oer elkenien. Dêr kaam myn clownsgedrach fan. De measte clowns binne depressyf. De clown spylje is har útlitklep.”

Piet Jetze hat wol ris sein: ‘Ik bin in grize mûs, hie ik mar wat mear fan dy’. ‘Mar Piet jonge’, sei ik, ‘do sjochst my sa, mar sa maklik is it net om sa te libjen lykas ik doch. It sit oars: hie ik

hie ik in grût hûs, mar gjin frou. En it moast wol skjinhouden wurde.”

Op zijn 61e werd hij bovendien verblijd met een vaste aanstelling. Johannes Brandsma is tegenwoordig in Harlingen deels beheerder van de Waddenhal en deels bode op het Stadhuis. „It is in wûnder. Johannes Brandsma mei in pakje oan. Mar it foldocht my bêst, ik wol noait wer oars.”

In de voorkamer staat een kast van Ikea, deels gevuld met kaatsboeken. Van de *Jonge Priiskeatser* van Nynke van Hichtum tot het boek *Simon Mimesma, de selfmade keatser*. Aan de muur hangen drie ingelijste foto's. Op de eerste wandelt hij samen met Piet Jetze en Sake Saakstra in de finale van de PC bij een 5-5 en 4-2 voorsprong naar het perk. „Ik koe dy dei neat, mar yn de finale tsjin Peter Rinia, Wiepie van Wieren en Tunno Schurer kamen wy dochts fan in 5-2 en 6-2 efterstân werom. ‘Winne wy dochts noch’, sei Sake. Mar it waard him net. Mei alles oan de hang krige ik in prachtige bal fan Peter. Ik kaam net fierder as in keats fan fiif meter. En doe moast Sake opslaan tsjin it perk Van Wieren-Schurer oer. Dêr hoegde je mei in keats fan fiif meter net oan te begjinnen.”

Op foto twee hangt hij in Tzum op de boven stijlvol metershoog in de lucht. „De foto is wat fertekene omdat hy fan ûnderen naam is. Mar ik fyn it wol de moaiste foto dy't ea fan my makke is. Omdat it myn atletysk fermogen oanjout.”

Op foto drie is hij te zien op het Place de Jeu de Balle in Brussel tijdens het grootste jeu de pelote toernooi van België. De vraag die dag was dezelfde als alle andere jaren: wordt een Frans-talige kaatser uitgeroepen tot beste kaatser van de dag of een Hollandstalige kaatser. Het werd een gekke Fries. „Minsken hawwe gjin idee wat ik yn België allegear belibbe ha.”

## En verder

Zijn leven is weer in een rustiger vaarwater terecht gekomen. „Ik ha fierhinne west, mar ik wit seker dat it safier noait wer komme sille. Ik hâld fan it libben.”



Johannes Brandsma in de regen in actie op de PC van 1987, die hij samen met Peter Rinia en koning Tunno Schurer op zijn naam zal schrijven. ‘De Brand’ was in de jaren zeventig en tachtig van de vorige eeuw het boegbeeld van een gouden generatie. De geboren Sexbierumer maakte ook in het Belgische jeu de pelote furore. Foto: Friesch Dagblad